

Fier fan alle drokte

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 072 4

1e printinge 2018

© 1874, Thomas Hardy

© 2018, Fryske oersetting Geart fan der Mear

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch:

Stichting Kristlik Frysk Folksboek

Provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

It oersetten fan dit boek waard mei mooglik makke troch finansjele stipe fan de provinsje Fryslân.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

Fier fan alle drokte

Thomas Hardy (1874)

oersetting Geart fan der Mear



HAADSTIK I

BESKRIUWING FAN BOER OAK – IN FOARFAL

As boer Oak glimke, dan loeken syn mûlshoeken omheech oant se suver oan syn earen takamen, syn eagen waarden spleetsjes, en der ferskynden kraaiepoatsjes omhinne, dy't lykas de strielen yn in rûge skets fan de opkommende sinne syn gesicht oprûnen. Syn foarnamme wie Gabriël, en op wurkdagen wie er in jongkeardel mei in sûn oardeel, flotte manieren, passende klean, en yn it algemien in aardige fint. Sneins wie er in man mei dizzenige opfettingen, dy't graach dingen útstelde, en ferlegen wie mei syn bêste klean en paraplu: koartsein, ien dy't op seedlik gebiet tocht dat er him op it o sa romme terrein fan de Laodisese neutraliteit opstelde tusken de lju dy't nei it nachtmiel fan de gemeente gongen en de dronkelappen – dat wol sizze, hij gong wol nei tsjerke, mar moast tsjin de tiid dat de gemeente oan de geloofsbelidenis fan Nicea ta wie stikem gapje, en op it momint dat er nei de preek harkje woe deroan siet te tinken wat er dy middeis ite soe. Of, om syn karakter te beskriuwen sa't dat woegen waard op 'e skealjens fan de iepenbiere miening: as syn maten en kritisy in min sin hienen, dan wie er net sa'n bêstenien; as se in goed sin hienen, dan wie it in poerbêstenien; as se gjinien fan beiden wienen, dan wie er in man mei in piper-en-sâlt-kleurich moreel besef.

Omdat er op seis kear safolle wurkdagen as sneinen libbe, wie it uterlik fan Oak yn syn âlde plunje heel bysûnder syn eigen – krekt sa't syn buorlju him har foarstelden as er altyd klaaid wie. Hij droech in platte filten hoed dêr't de râne fan útrutsen wie trochdat er him tsjin de fûle wyn stevich op syn holle raamde, en in jas lykas dy fan dr. Johnson, de ferneamde wurdboekmakker; syn ûnderein stiek yn in gewoane learen wurkbroek en stevige, opfallend romme learzens, dy't elke foet in romte beaen dy't sa makke wie dat hokker drager dan ek de hele dei yn in rivier stean koe sûnder ek mar wat fan dampichheid te fernimmen – want de makker dêrfan wie in tige krekt man, dy't besocht om in swakte yn syn foarmjouwing te kompensearen troch royale ôfmjittingen en stevichheid.

Oak hie in soarte fan horloazje bij him dat men in behindich sulveren klokje neame koe; mei oare wurden, it wie in horloazje wat foarm en doel oanbelange, en in klokje neffens de gruttens. Dat ynstrumint wie ferskeidene jierren âlder as de pake fan Oak, en hie sadwaande de eigenaardichheid dat it óf te fluch rûn, óf helendal net. De lytse wizer siet wolris wat los, en sadwaande waarden de minuten wol presys oanjûn,

mar koe gjinien der folslein seker fan wêze bij hokker oere se hearden. Dy eigenaardichheid fan stilstean te gean gong Oak tsjin troch der tsjinoan te slaan en dermei te skodzjen, en hij ûntkaam oan de kweade gefolgen fan dy twa oare kwalen troch allegeduerigen it horloazje te fergelykjen mei syn observaasjes fan de sinne en de stjerren, en troch syn gesicht stevich tsjin it rût fan de buorlju oan te drukken, oant er op de griene wizerplaten dêrbinnen sjen koe hoe let as it wie. Der kin noch opmurken wurde dat hij, fanwege it feit dat it horloazjebûske lestich om bij te kommen wie, fanwege de wat hege posysje yn syn broeksbân (dy't ek noch ridlik heech ûnder syn festje droegen waard), it horloazje fanneed wol tefoarskyn lûke moast troch syn lichem nei ien kant te bûgen, de mûle en it gesicht te ferlûken ta ien massa readachtich fleis fanwege de fereaske ynspanning, en it horloazje oan syn kettinkje as in amer út in put omheech te lûken.

Mar guon betochtsume lju, dy't him op in desimbermoarn – sinnich en o sa myld – oer ien fan syn stikken lân rinnen sjoen hienen, hienen Gabriël Oak miskien ek wol op in oare manier sjoen. Op syn gesicht soe men gewaarwurde kinne dat in protte fan de kleuren en wulvingen fan de jeugd syn man-wurden oerlibbe hienen: der wie sels yn de fierste úthoeken wat fan de jonge hingjen bleaun. Syn lingte en breedte hienen genôch west om syn ferskinning yndrukwekkend te meitsjen, as se mar mei de krechte soarch toand wienen. Mar sommige minsken, op it plattelân en ek yn de stêd, nimme in hâlding oan dêr't de geast mear ferantwurdlik foar is as fleis en spier: in manier om har ôfmjittingen te belytsjen troch de wize hoe't se toand wurde. En fanwege in kalme beskiedenens dy't in Festaalse maagd goed past hawwe soe, en dy't him de hele tiid like yn te druiven dat er net safolle oanspraak meitsje koe op de romte op dizze wrâld, rûn Oak beskieden en justjes rûngear, mar toch wat oars as mei bûgde skouders. Dat soe men in tekoart neame kinne yn in persoan as dy foar syn wurdearring mear fan syn uterlik ôfhinklik is as fan syn fermogen om in goede yndruk te meitsjen, wat foar Oak net sa wie.

Hij hie krekt dy tiid yn it libben berikt dêr't 'jonge-' net langer foar 'man' set wurde kin, as men oer sa'nien praat. Hij wie yn de helderste perioade fan it man-wêzen, want syn ferstân en syn gefoelens wienen dúdlik faninoar skieden: de tiid dat de ynfloed fan de jeugd dy twa yn it wylde wei trochinoar hinne mjukset ta healwize opstigungen, dy tiid wie foarbij, en it stadium wêryn't sij opnij, troch de ynfloed fan frou en famylje, gearrane ta foaroadelen, dy tiid wie noch net kommen. Om koart te gean, hij wie achtentweintich en frijfeint.

It stik lân dêr't er dy moarns yn stie rûn omheech nei in hichte mei de namme Norcombe Hill. Oer in útrinder fan dy heuvel rûn de grutte

dyk tusken Emminster en Chalk-Newton. Tafallich oer it stiennen muorke sjend waard Oak in moai optúgde wein mei fearring gewaar, giel opskildere en der kleurich útsjend, dy't de skeante foar him delried, mei twa hynders derfoar en in fuorman dêrnêst mei in swipe rjucht omheech. Dy wein wie folladen mei húsrie en potplanten, en boppe-op siet in frommeske, jong en oanfallich. Gabriël hie dêr noch gjin heale minút nei stien te sjen, doe't it rydtúch lyk foar syn eagen stilstean bleau.

‘De achterklep fan de wein is fuort, juffer,’ sei de fuorman.

‘Dan haw ik dy wol fallen heard,’ sei it frommeske, op sachte mar net bysûnder lege toan. ‘Ik hearde in gelûd dat ik net teplakbringe koe, doe't wij de hichte oprieden.’

‘Ik draaf wol even werom.’

‘Toe mar,’ antwurde sij.

Dêr stienen de ferstandige hynders – folslein stil, en de fuorman syn stappen waarden yn de fierte hieltyd sachter klinkend wei.

Dêr siet it frommeske boppe op de lading en ferroerde har net, tusken de tafels en stuollen yn mei har poaten omheech, mei achter har in iken sitbank, en foar har de fersiering fan potten mei geraniums, mirten, en kaktussen, en ek noch in kanaarje yn in kouwe – allegear nei alle gedachten út de finsterbanken wei fan it hûs dat krekt ferlitten wie. Der wie ek noch in kat yn in kuorke fan wylgetiennen, dy't mei healtichte eagen troch it healiepen lid hinne kipe en mei nocht de fûgeltsjes om har hinne beseach. It kreaze frommeske siet in skoftke op har plakje te wachtsjen en neat te dwaan, en it iennige lûd dat yn de stilte te hearren wie, wie it hinne-en-wer hippen fan de kanaarje op de stokjes fan syn gefangenis. Doe seach se mei oandacht nei ûnderen. Net nei it fûgeltsje, en ek net nei de kat; mar nei in langwerpich pakje dat yn papier ynpakt wie, en tusken har yn lei. Se draaide de holle om om te sjen oft de fuorman al weromkaam. Dy wie noch net te sjen; en har eagen kroepen werom nei it pakje, har gedachten liken konsintreard te wêzen op wat dêryn siet. Op 't lêst loek se it pakje bij har skoat, en makke se it papier los; wat tefoarskyn kaam wie in lyts hânspegeltsje, dêr't se harsels mei oandacht yn beseach. De lippen kamen fanelkoar en se glimke.

It wie in sierlike moarn, en de sinne ferljochte it karmozynreade jakje dat se droech ta in skarlekkense gloede, en skildere op har fris gesicht en donker hier in sachte glâns. De mirten, geraniums en kaktussen om har hinne wienen fris en grien, en yn sa'n blêdloas seizoen joegen se oan it hele tafriel fan hynders, wein, húsrie en frommeske in aparte maitydsachtige bekoaring. Wat har derta brocht hat om oan sa'n foarstelling ta te jaan, wylst de mosken, lysters en in net-opmurken boer as iennige taskôgers taseagen – oft dat glimke no begûn as in

sabearenien, om út te finen oft se dy keunst ferstie – gjinien wit it; seker is it dat it einige mei in echt glimke. Se krige in kleur om harsels, en doe't se har spiegelbyld kleurjen seach, noch mear.

De feroaring fan it wenstich plak en de needsaak fan sa'n handeling – fan it toiletmeitsjen yn in sliepkeamer nei in tiid fan bûtendoar reizgjen – ferskafte oan dat doelloas dwaan in nijichheid dy't it net echt besiet. It wie in delikaat tafrieltsje. De troch elk oannommen swakte fan in frou wie it sinljocht binnenslûpt, en dat hie it klaaid yn de frissens fan wat nijs. In synise konklúzje koe Gabriël Oak bij it sjen fan dy sêne net oan ûntkomme, hoe grutmoedich er ek graach wêze wollen hie. Se hie hoe dan ek gjin inkelde reden hân om yn dy spiegel te sjen. Se hie har hoed net teplak skikt, of har hier fatsoeneard, of in dobke yn it wang drukt, of ek mar ien ding dien om oan te jaan dat soks bij it opkrijen fan it spegelsje it motyf west hie. Se hie harsels ienfâldich besjoen as in moai natuerprodukt fan it froulike soarte, wêrbij't har gedachten fuort liken te slydskjen nei fiere mar wierskynlike toanielstikjes, dêr't manlju in rol yn spylje soenen – fiergesichten fan te ferwachtsjen triomfen – mei glimkes bij in faze dêr't harten yn foarsteld waarden as ferlern en ferovere. Toch, dat wie mar rieden, en dy hele rige aksjes wie sa doelloas útfierd dat it al te dryst wêze soe om te bewearn dat soks hoe dan ek it doel west hie.

De stappen fan de weromkommende fuorman wienen no te hearren. Se tearde it spegelsje wer yn it papier, en lei it teplak.

Doe't de wein fierder riden wie, loek Gabriël him werom fan syn spionneplakje, en de dyk oprinnend folge er it rydtúch nei de tolhikke in eintsje foarbij de foet fan de heuvel, dêr't it objekt fan syn beskôgingen no stilhold om de tol te beteljen. Hij hie noch tweintich trêden nei de hikke te gean, doe't er in wurdewikseling hearde. It gong om in ûnienichheid oer twa pennys tusken de persoanen mei de wein en de man bij de hikke.

'De muoikesister fan de bazin sit boppe-op en seit dat ik dij genôch oanbean haw, do grutte ynklauwer, en mear wol se net betelje.' Dat wienen de wurden fan de fuorman.

'Goed dan; dan komt se der net lâns,' sei de tolbaas, en hij treau de hikke ticht.

Oak seach fan de iene nei de oare fan de rúzjemakkers en begûn te prakkesearen. Twa pennys klonk opmerklik ûnbetsjuttend. Trije hie echte wearde as jild – dat naam in echte hap út in deihier en wie as sadanich it ôftingjen wol wurdich; mar twa – 'Hjir,' sei er, en hij stapte nei foaren en joech de tolbaas twa pennys: 'lit de jongedame no mar troch.' Hij seach nei har omheech; sij hearde syn wurden, en sij seach nei ûnderen.

Gabriël syn gesichtstrekken bleauwen de hele tiid neffens de uterlike foarm sa presys tusken de utersten fan de skjintme fan de hillige Johannes en de ûnsjuggens fan Judas Iskariot yn hingjen, lykas foarsteld yn it rût fan de tsjerke dêr't er syn kommen hie, dat gjin inkelde dêrfan útkeazen wurde koe as wurdich om opmerklik of ûnsjuch neamd te wurden. De yn in read jakje klaaide donkerhierrige jongfaam like dat ek te tinken, want se seach him even ûnferskillich oan en sei tsjin har fuorman om troch te riden. Se hie Gabriël even mei de eagen in lyts betankje stjoere kinnen, mar die dat net; mear wierskynlik is it dat se gjin tankberheid fjilde, want troch har trochgong te ferskaffen hie er har fan har punt beroofd, en wij witte hoe't froulju sa'n geunst opfetsje.

De tolbaas seach de fuortridende wein nei. 'In kreas jongfaam,' sei er tsjin Oak.

'Mar se hat har fouten,' sei Gabriël.

'Krekt sa, boer.'

'En de grutste dêrfan is – no, wat dy altyd is.'

'Minsken teplak sette? Ja, sa is it.'

'O nee, hear.'

'Wat dan?'

Gabriël, miskien wat nitele troch de ûnferskillichheid fan de oanfallige reizichster, kuerde werom nei it pak dêr't er har aksjes oer it muorke hinne besjoen hie, en sei: 'Idelheid.'

HAADSTIK II

NACHT – DE KEPPEL – BINNENYN – ERGENS OARS BINNENYN

It wie hast middernacht op de jûn foar Sint Thomas, de koartste dei fan it jier. In karbûstige wyn waaide fleagerich út it noarden oer de heuvel hinne dêr't Oak in pear dagen earder yn de sinneskyn dy giele wein mei syn passazjier sjoen hie. Norcombe Hill – net sa fier fan it iensume Toller-Down – wie ien fan dy plakken dy't in foarbijkommer de yndruk jouwe dat er bij in foarm is dy't sa ûnferwoestber is as wat dan ek op ierde. It wie in wulving sûnder opfallende kenmerken fan kalkstien en grûn – in gewoan eksimplaar fan dy glêde pûsten fan de ierdbol dy't op in dei fan grut trelit grif ûnoantaast bliuwe sille, wylst folle imponantere hichten en duzelich-meitsjende graniten steilten deltrûzelje.

Dy heuvel wie oan de noardkant begroeid mei in oerâlde en fertutearzjende beplanting fan bûken, wêrfan't de boppesten yn in rige oer de kaam hinne stienen, en mei in bôgjende franje tsjin de loft ôfstieken, as de moannen fan in hynder. Dy nachts beskutten dy beammen de súdlike helling tsjin de skerpste wynpûsten, dy't tsjin it bosk beukten en dêr mei in lûd as fan grânzjen trochhinne strampelen, of mei in ôfswakke lûd oer de heechste tûken hinne gierden. De drûge blêden yn de sleat soarren en kôken yn deselde wyn, wylst in tonge fan lucht dêr út en troch in stikmannich út wist te sûgen en se giseljend oer it gers jage. In pear boskjes fan de alderlêsten middenmank dy deade mannichten wienen oan dizze selde midwinternacht ta oan de tûken hingjen bleaun, en bij it fallen rattelen se mei in skerpe tik tsjin de stammen oan.

Tusken dy heal-beboske heal-neakene heuvel, en de fage stille kym dêr't syn heechste punt skier op útseach, lei in mysterieuze flakte fan ûnpeilber tsjuster – de lûden dêrútwei suggerearden dat wat dêr ferskûle lei in sekere gelikenis hie mei wat men hjir fernaam. It tinne gers, dat min of mear de skeante bediek, waard troch de wyn yn fleagen fan ferskillend aard oanroerd – de iene wreau swier tsjin de stannen oan, in oarenien gong der kriezjend as in harke trochhinne, en wer in oarenien aaide der as in sachte biezem oerhinne. Men gong ynstinktyf stean te harkjen, en te fernimmen hoe't de beammen rjuchts en de beammen links weklagen of elkoar yn de regelmjittige antifoanen fan in katedraalkoar tasongen; hoe't hagen en oare foarmen yn de lijte dan dat lûd opheinden en it oan de tearhartichste snik ta sachter klinke

lieten; en hoe't de jachterige wynpûst dan it suden ynstode, om net wer heard te wurden.

De loft wie helder – opmerklik helder – en it twinkeljen fan alle stjerren like inkeld it triljen fan ien lichem te wêzen, en oandreaun te wurden troch in mienskiplike hartslach. De wyn blaasde de Poalstjer lyk yn it gesicht, en sûnt de jûn wie de Bear dêromhinne draaid nei it oasten ta, oant er no rjuchthoekich boppe de meridiaan stie. In ferskil yn kleuren yn de stjerren – faker oer lêzen as sjoen yn Ingelân – wie hjir goed te sjen. De soevereine helderheid fan Sirius pjukte mei in stielich glinsterjen yn it each, de stjer dy't Capella hiet wie giel, Aldebaran en Betelgeuze skynden út 'en fjurrige readens.

Minsken dy't op in heldere middernacht lykas dizze lykme allinne op in heuvel steane, kinne it draaien fan de wrâld nei it oasten suver fjille. Dat gefoel wurdt faaks feroarsake troch it panoramys fergliden fan de stjerren lâns objekten op de ierde, wat men fernimme kin as men in pear minuten stilstiet, of as men in better útsicht op de romte hat sa't in heuvel jo dat biedt, of troch de wyn, of troch de iensumheid; mar hoe dan ek, de yndruk fan te riden is libbendich en bliuwend. De poëzij fan de beweging is in faak brûkte fraze, en om te genietsjen fan de epise foarm fan dy befrediging moat men yn de lytse oerkes fan de nacht op in heuvel stean gean, en nei earst ferfolle te wêzen fan in gefoel fan oars te wêzen as de beskaafde mannichte, dy't leit te dromen en op dat stuit neat fan sok dwaan ôfwit, moatte jo lang en rêstich jo steatlik reizgjen troch de stjerren oanskôgje. Nei sa'n nachtlke ferkenningstocht is it moeilik om nei de ierde werom te gean, en om te leauwen dat it oanfjillen fan sa'n majesteitlike reis ûntspringt oan in behindich minsklik stal.

Ynienen wie der op dat heech tsjin de loft ôftekene plak in ûnferwachte rige lûden te hearren. Dy hienen in helderheid dy't nergens yn de wyn te finen wie, en in opienfolging dy't nergens yn de natuer te finen wie. Dat wienen de toanen fan de fluit fan boer Oak. Dat wyske dreau net ûnbehindere de iepen loft yn: it like op ien of oare manier dimpt te wurden, en wie yn elk gefal te swak fan folume om heech of fier klinke te kinnen. It kaam fan de kant fan in lyts donker gefaltsje ûnderoan it stiennen muorke lâns it bosk – in skepershut – dat no de kontoeren sjen liet wêrfan't in ûnwittend persoan net de bedoeling noch it gebrûk teplakbringe kinne soe. It seach der om samar te sizzen yn syn geheel út as in behindich arkje fan Noach op in lyts Araratberchje, as wij tinke oan de tradisjonele foarm fan dy arke dy't de makkers fan boartersguod neifolgje – en dy't dêrtroch yn de foarstelling fan de minsken it sterkst, want as betiidste yndrukken, fêstlein binne. Dy hut stie op tsjiltsjes, dy't de flier sa'n foet heech fan de grûn tilden. Sokke skepershutsjes

wurde it lân ynslept as de skiep begjinne te lamjen, om de skeper bij syn needsaaklike nachtlke oanwêzichheid ôf te smoutsjen. Pas de lêste tiid wienen de minsken begûn mei Gabriël ‘boer’ Oak te neamen. De tolve moannen dêrfoar wie it him mei stoef folholden iver en mei in ûnferoarlik goed sin slagge om de lytse skieppebuorkerij te pachtsjen, dêr’t Norcombe Hill in deel fan útmakke, en om dêr twahûndert skiep op te setten. Foar dy tiid hie er in skoftke rintmaster west, en noch earder inkeld skieppehoeder. Fan jongs ôf oan hie er syn heit bijstien om op de keppels fan grutte lânhearren te passen, oant de âlde Gabriël it grêf yngien wie.

Dy ûndernimming, sûnder help fan oaren, op it gebiet fan buorkjen as baas en net as feint, mei in foarskot fan noch net betelle skiep, wie foar Gabriël Oak in prekêre tiid, en hij besefte skoan hoe’t er der foarstie. It earste wurk yn syn nij libben wie it lamjen fan syn eien, en omdat skieppebuorkjen fan jongs ôf oan syn spesjaliteit west hie, hie er der wyslik fan ôfsjoen om de taak fan it op dy skiep te passen oer te litten oan in feint of in nijeling.

De wyn batste noch altyd tsjin de hoeken fan de hut oan, mar it fluitspyljen wie opholden. In rjuchthoeke fan ljocht ferskynde yn de sydkant fan de hut, mei dêryn de omtrekken fan boer Oak syn stal. Hij hie in lantearne yn de hân, en die de doar achter him ticht. Hij rûn nei foaren en wie sa’n tweintich minuten yn dat herntsje fan it lân drok yn ’t spier, wylst de lantearne dan hjir en dan dêr opdoek en wer ferdwûn, en him dan beskynde of as skaad ôftekene as er derfoar of derachter stie.

Oak syn bewegingen, ek al wienen dy fan in rêstige enerzjy, wienen stadich en har betochtsumens paste goed bij syn berop. Omdat in goede kondysje it fundamint fan skjintme is, soe gjinien ûntkenne kinne dat syn evenredich troch de keppel trêdzjen en dwalen wat elegants hie. Toch, al koe er, as de omstandichheden dat fergen, yn in blits wat tinke of dwaan lykas mannen út de stêd, dy’t soks mear oangeboaren is, wie syn spesjale kracht op seedlik, lichaaamlik en geastlik gebiet statys, en hie dy yn de regel neat of mar in bytsje oan flugge aksjes te tankjen.

In sekuer ûndersyk fan de grûn hjir, sels bij allinne mar stjerreljocht, liet sjen hoe’t in stik fan wat losjeswei in woeste skeante neamd wurde koe, troch boer Oak útsocht wie foar syn grut plan dizze winter. Oeral wienen op ferskillende plakken fan tiennen frissele stekjes yn de grûn fêstset mei strie dêroerhinne, wêrtusken en wêrûnder de skiere foarmen fan syn skrutele eien har risseljend beweegden. It rinkeljen fan it skieppebeltsje, dat bij syn ôfwêzichheid stil west hie, wie wer begûn, op in toan dy’t fanwege de tanommen groei fan de wol dêromhinne earder waarm as helder klonk. Dat gong sa troch oant Oak him wer út de keppel weromlutsen hie. Hij rûn wer nei de hut ta, mei yn syn

earms in krekt geboaren lamke, dat út fjouwer poaten bestie dy't grut genôch wienen foar in folwoeksen skiep, en meielkoar ferbûn wienen troch in sa't skynt frijwat behindich flueske dat likernôch heal safolle omfang hie as de fjouwer poaten bijelkoar, en dat op dat stuit it hele bealchje fan it beestje foarstelde. Dat lyts begrypke libben flijde er op in bultsje hea foar it kacheltsje del, dêr't in kanne mei molke op stie te buorreljen. Oak die de lantearne út troch deryn te blazen en dêrnei yn de kous te knipen, want it hokje waard al troch in kers oan in krombûgd kramtriedsje ferljochte. In frijwat hurd matras, fan in pear noatsekken dy't wat rûchwei delsmitten wienen, bedieken de heale flier fan dat lytse keammerke, en dêr gong dy jongeman op lizzen, die syn wollen sjaaltsje ôf en sleat de eagen. Nei sa ûngefear de tiid dy't ien dy't net oan lichaamlik wurk wend wie brûkt hie om te besluten op hokker side as er lizze woe, lei boer Oak al te sliepen.

De binnenkant fan de hut, sa't dy der no útseach, wie smûk en oantreklik, en behalve it kerske makke it skarlekkenkleurich hantsjefol fjoer, dat syn eigen mylde kleur oer alles hinne smiet wat it berikke koe, dat sels itensark en ridskip jo tinke lieten oan noflike gesellicheid. Yn de hoeke stie de skepersstêf, en op de planke oan ien kant stie in rige fleskes en buskes mei de ienfâldige middelstjes foar it behandeljen fan skieppekwalen: spiritus, terpentyn, tarre, magnesium, gember en wûnderoalje wienen de foarnaamste. Op in trijehoekich hoekplankje stie bôle, spek, tsiis, en in kop foar bier of sider, wat út in kanne dêrûnder folgetten wurde koe. Nêst dat iten en drinken lei de fluit, dy't niis noch om de tiid troch te kommen troch de ienlike oppasser bespile west hie. Twa rûne gatten mei houten skuwen fentilearden dat hokje, as de rûtsjes yn in skipshut.

It lamke, dat troch de waarmte oplibbe wie, begûn te mjêkjen en dat lûd drong mei ûnmidlike betsjutting Gabriël syn earen en brein binnen, sa't ferwachte lûden dat dogge. Hij dûkte op út de alderdjipste sliep en wie mei itselde gemak fan de omkearde operaasje daalk klear wekker, seach op syn horloazje, fernaam dat de grutte wizer wer ferskood wie, sette de mûtse op, krige it lamke op yn syn earms, en droech it it tsjuster yn. Neidat er it skepseltsje bij syn mem pleatst hie, beseach er o sa sekuer de loft om neffens de hichte fan de stjerren út te finen hoe let it wie.

De Hûnestjer en Aldebaran, op de ûnrêstige Pleiaden wizend, wienen healwei de súdlike himel, en tusken har yn hong de Orion, waans prachtich stjerrebyld noch noait sa helder skittere hie as no, sa't it boppe de kym fan it lânskip útriisde. Castor en Pollux hongen mei har kalm ljocht suver boppe de meridiaan: it keale en sombere fjouwerkant fan Pegasus wie dwaande om nei it noardwesten te krûpen; fier fuort

skittere Vega as in lampe oan in keale beam troch it bosk hinne, en de stoel fan Cassiopeia stie wankel op de heechste tûken. ‘Ien oere,’ sei Gabriël.

As in man dy’t geregeld net ûnwittend wie fan in sekere bekoaring yn syn libben, bleau er neidat er de loft as nuttich ynstrumint besjoen hie in skoftke stilstean en beskôge er dy goedkeurend as in keunstwurk fan útsûnderlike skjintme. In skoftlang like er ûnder de yndruk fan de oansprekkende iensumheid fan it tafriël, of earder fan hoe’t dat geheel folslein losstie fan de bylden en de lûden fan de minske. Minsklike foarmen, bemoeienissen, problemen en freugden, it wie krekt as bestienen dy allegear net, en it like as bestie der op it beskade healrûn fan de ierdbol gjinien oar bewust skepsel as hijsels; hij koe him foarstelle dat se allegear fuortgien wienen nei de sinnekant ta. Sa yn beslach nommen, mei de eagen op de fierte rjuchte, begûn Oak njonkelytsen te fernimmen dat wat er earst as in stjer beskôge hie, leech achter de râne fan de boskoanplant, dat yn werklikheid helendal net wie. It wie in keunstmjittich ljocht, suver deun bij him.

As jo gewaarwurde dat jo nachts absolút allinne binne op in plak dêr’t selskip winsklik is en ferwachte wurdt, dan makket dat sommige minsken bang; mar it is folle slimmer om in mysterieus selskip te ûntdekken as jo intuysje, gefoel, ûnthâld, analogy, waarnimmingen, wierskynlikheid, konklúzjes – alle bewizen út de logika bijelkoar – jo tinken derfan oertsjûge hawwe dat jo folslein allinne binne.

Boer Oak rûn nei de beammen ta en de ûnderste tûken oan kant triuwend stapte er nei de wynkant ta. Fage kontoeren ûnderoan de skeante brochten him yn it sin dat dêr in skuorke stie, wat yngroeven yn de skeante fan de heuvel op, sadat it achterste deel fan it dak suver gelyk mei de grûn wie. De foarkant bestie út op balken spikere planken en wie bestrutsen mei tarre om it hout te behâlden. Troch skreven yn it dak en de sydkant foelen strepen en puntsjes ljocht, dy’t bijelkoar de ljochtsjes foarmen dy’t him oanlutsen hienen. Oak stapte nei de achterkant, dêr’t er op it dak leunde en syn eagen flak foar in gat hold, sadat er dúdlik nei binnen sjen koe.

Dêr waard er twa froulju gewaar en twa kij. Nêst dy kij stie in amer mei dampende simmels. Ien fan de froulju wie fan mear as middelbere leeftyd. Dy oare wie blykber jong en oanfallich; hij koe net sjen hoe’t har gesicht wie, want se stie suver lyk ûnder him, sadat er har seach sa’t in fûgel die, lykas Satan bij Milton it paradys foar it earst sjoen hie. Se droech gjin mûtse of hoed, mar hie harsels yn in romme mantel bewuolle, dy’t se achteloas as hollebedekking oer de holle smiten hie.

‘Goed, we geane op hûs oan,’ sei de âldste fan de twa, mei de knokels op de heupen, en alles wat se dien hienen yn har opnimmend. ‘Ik hoopje

no mar dat Daisy wer opknapt. Ik bin noch noait yn myn libben sa skrokken, mar as se wer opknapt dan haw ik it der graach foar oerhân om myn sliep te brekken.’ De jonge frou, dy’t bij elke gelegenheid as it even stil wie sa’t skynt de eagen net iepenhâlde koe, moast gapje sûnder de lippen al te ûngemaklik fier fanelkoar te dwaan, wêrbij’t Gabriël ek oanstutsen waard en wat mei begûn te gapjen.

‘Ik woe wol dat we ryk genôch wienen om in man te beteljen om soks te dwaan,’ sei se.

‘Dat binne we net, dat we moatte it sels dwaan,’ sei de oar; ‘want do moastst mij helpe ast hjir bliuwe wolst.’

‘No, ik bin myn hoed lykwols wol kwyt,’ gong de jongste troch. ‘Dy is oer it muorke waaid, tink. Dat sa’n licht wyntsje dêrûnder komme koe.’

De oereinsteande ko wie fan it Devon-ras, mei in tsjokke waarme hûd fan donker read, sa absolút egaal fan de eagen oan de sturt ta as wie it beest yn in kleurstof fan dy kleur doopt, en har lange rêch wie folslein lykmjittich wetterpas. De oare wie bûnt, griis-wyt. Dêrnêst seach Oak no in kealtsje fan ûngefear in dei âld, dat op in healwize manier nei dy twa froulju stie te sjen, wat bewiisde dat it noch net lang oan it ferskynsel fan it sicht wend wie, en dat him hieltyd wer nei de lantearne omdraaide, dy’t it sa’t skynt foar de moanne oanseach, omdat syn oerurven ynstinkt noch mar in bytsje tiid hân hie om troch de ûnderfining korrizjeard te wurden. Lucina, de goadinne fan de geboarte, hie it de lêste tiid tusken de skiep en de kij op Norcombe Hill mar bannich hân.

‘Ik tink dat we mar better wat hjouwer komme litte kinne,’ sei de âldste. ‘Der binne gjin simmels mear.’

‘Ja, muoike. En ik ryd dêr sa gau mooglik hinne as it ljocht is.’

‘Mar der is gjin frouljussadel.’

‘Ik kin wol op it oare ride: fertrou mij mar.’

Doe’t Oak dy opmerkingen hearde, waard er nijsgjirriger om har goed te besjen, mar trochdat de om har hinne sleine mantel him dat plan ûnmooglik makke, en ek troch syn heech plak, begûn er syn fantasy oan te spreken foar de details. Sels bij horizontaal en dúdlik sicht kleurje wij yn en foarmje wij neffens ús ferlet wat ús eagen ús tapartsje. Hie Gabriël fuortdaalk al har gesicht dúdlik sjen kinnen, dan hie syn oardeel dat it o sa kreas wie, of teminsten aardich kreas, sa west omdat syn siele op dat stuit ferlet fan in goadinne hie of omdat dy dêr no al foar him stie. Hij hie al in skoft lang om in groeiende leechte yn him te fullen it ferlet fjild fan in foarm nei syn sin, en omdat it plak dêr’t er stie him de folle romte joech om te fantasearen skildere hij har ôf as o sa oanfallich.

Troch ien fan dy grillige tafallichheden wêryn't de natuer, as in drok besette mem, even bij har noait ophâldend gewrot in tel frijnimt om har om te draaien en har bern glimkje te litten, liet it jong frommeske no har mantel sakje en dêr tommelen swarte lokken oer in read jakje hinne. Oak koe har daalk as de heldin fan dy giele wein, dy mirten, en dat spegeltsje; prozaïzer: as de frou dy't him twa pennys skuldich wie.

Se setten it kealtsje wer nêst de mem, krigen de lantearne op, en gongen nei bûten. It ljocht sakke bij de heuvel del oant it net mear as in swak skynsel wie. Gabriël Oak rûn wer nei syn keppel ta.

HAADSTIK III

IN FROMMESKE OP IN HYNDER - PETEAR

De trage dei wie op kommendewei. Wêr't him dat krekt op ierde ek mar ôfspilet, it ropt bij de minsken wer nijsgjirrichheid op, en om gjin inkelde oare reden as dat it foarfal fan de nacht dêr pleatsfûn hie, gong Oak wer nei de beammen op de hichte ta. Hij dangele dêr al prakkesearend wat om, doe't er ûnderoan de heuvel hynstestappen hearde en al gau ferskynde dêr in kastanjebrune ponny mei in jong frommeske op 'e rêch, dy't bij it paad foarbij it feeskuorke oprûn. It wie de jonge frou fan dy nacht. Gabriël moast daalk oan de hoed tinke dy't se neffens eigen sizzen yn de wyn fêrlern hie; se wie wierskynlik kommen om him te sykjen. Hastich socht er de sleat ôf en sa'n tsien stappen fierder fûn er him tusken de blêden. Gabriël krige him op en gong werom nei syn hokje ta. Dêr ynstallearde er himsels en hij kuerde troch it kykgatsje nei dêr't de rydster yn oantocht wie.

Se kaam boppe en seach om har hinne – en doe oan de oare kant fan de haach. Gabriël soe krekt nei foaren komme om de ferlerne hoed werom te jaan, doe't in ûnferwachte fertoaning him derta brocht om dêr even mei te wachtsjen. Nei de koweskuorre fierde it paad dwers tusken de beammen troch. It wie gjin ruterpaad, mar bedoeld foar fuotgongers en de tûken dy't horizontaal net heger as sân foet boppe de grûn hongen makken it ûnmooglik om dêr rjuchtop sittend ûndertroch te riden. It famke, dat gjin rydklean droech, seach even om har hinne, as om der wis fan te wêzen dat der gjin sterveling te sjen wie, en liet har doe linich plat achteroer op de rêch fan de ponny sakje, mei de holle boppe de sturt, de fuotten tsjin de skouders, en de eagen nei de loft. Dy glydskjende beweging wie as fan in iisfûgel – en sa gelûdloas as fan in hauk. Gabriël syn eagen hienen har mar amper folgje kinnen. De grutte skrale ponny like sok dwaan wol wend te wêzen, en kuiere kalm fierder. Sa ried se ûnder de horizontale tûken troch.

Dy artyst like har tusken kop en sturt fan in hynder folslein thús te fjillen, en doe't nei de beammen de needsaak foar dy nuvere hâlding foarbij wie, naam se in oare hâlding oan, dy't sels dúdlik noch handiger wie as de earste. Se hie gjin frouljussadel en it wie sa klear as wat dat it net te dwaan wie om stevich sydlings op it glêde lear ûnder har te sitten. As in bûgd tûkje weromfearjend nei har wenstige fertikale sit en derfan oertsjûge dat der gjinien te sjen wie, gong se sitten sa't it sadel dat frege, ek al wie dat amper wat men fan in frou ferwachte, en drafke se fuort yn de rjuchting fan Tewnell Mill. Oak hie dêr, miskien

wat ferbjustere, sa syn aardichheid oan, hong de hoed op yn syn hokje en gong wer nei syn eien ta. Der gong in oere foarbij, it fanke kaam werom, no sittend sa't it hearde, en mei in sekfol simmels foar har. Ticht bij it kowebûthúske kommen kaam in jonge mei in melkamer har temjitte, dy't de leie fan de ponny fêsthold wylst sij der ôfglied. Dy jonge brocht it hynder fuort, en liet de amer bij it jongfrommeske stean.

Al gau wienen der út it skuorke regelmjittige lûden te hearren fan ôfwikseljend sachte en lûde speten, dúdlik de lûden fan ien dy't in ko siet te melken. Gabriël pakte de kwytrakke hoed en gong stean te wachtsjen nêst it paad dat se folgje soe bij de heuvel del.

En dêr kaam se oan, de amer mei ien hân tsjin de knibbel oan sjouwend. De linkerearm hold se foar it lykwicht langút fansiden, dêr't se genôch fan sjen liet om Oak winskje te litten dat soks yn de simmer gebeurde wie, as dy hele earm te sjen west hie. Der hong wat fleurichs om har dwaan en litten hinne, dêr't se mei like te suggerearen dat der gjin twivel bestean koe oer de begearlikens fan har bestean. En dy frijwat frijpostige oanname joech gjin oanstjit omdat in taskôger it gefoel hie dat dat oer it geheel nommen ek sa wie. Lykas útsûnderlike klam yn de manier fan praten fan in sjeny, joech datjinge wat in midsmjittich persoan bespotlik makke hie, wat ekstra's oan erkende kracht. It wie mei in sekere fernuvering dat sij achter it stiennen muorke wei Gabriël syn gesicht as de moanne opstigen seach.

De oanpassing fan dy boer syn dizenege opfetting oangeande har sjarmes oan it portret fan harsels sa't se dat him no oanbea, wie net sasear in mindere oantreklikens dêrfan as in ferskil. It útkeazen begjinpunt fan it oardeel wie har lingte. Se like lang te wêzen, mar it amerke wie mar lyts, en it stiennen muorke leech; dêrfandinne, as wij in mooglik ferkearde ynskatting yn acht nimme troch de fergeliking dêrmei, koe se net grutter west hawwe as wat froulju as it bêste beskôgje. Alle foarnaamste trekken wienen strang en regelmjittich. Lju dy't mei in each foar kreazens dit lân bereizgje fernimme gauris dat in klassyk foarme gesicht fan in Ingelse frou selden bij in figuer past neffens itselde patroan, want de o sa goed foarme trekken binne oer it algemien te grut foar de rest; en ek dat in grasjeus en oanfallich lichem fan in sekere lingte gewoanlik oergiet yn midsmjittige gesichtstrekken. Sûnder no oer in melkster in weefsel as fan in nimf te flijen, kin sein wurde dat hjir boppesteande krityk net fan tapassing wie, en dat men lang en mei ien en al nocht de kantens fan har lea besjen koe. Wat men opmeitsje koe út de omtrekken fan har boppelichem wie dat se in moaie hals en skouders hie; mar sûnt har bernetiid hie gjinien dy oait sjoen. As se yn in leech útsnijde jurk stoppe west hie, wie se útnaaid en hie se de holle yn in boskje weistoppe. It wie lykwols absolút net in ferlegen

famke; it wie inkeld har ynstinkt om de streep tusken it sjoene en it net-sjoene heger te lûken as dat se dat yn de stêden dogge.

Dat de gedachten fan it jong frommeske, sa gau't se Oak syn eagen gewaarwurden wie dy't deselde bledside oan it lêzen wienen, mei har gesicht en figuer te meitsjen hienen, dat spriek fansels en wie suver wol wis. Dy troch har toande selsbewustens hie idelheid west as dy wat mear útsprutsen west hie, weardichheid as dat wat minder it gefal west hie. Blikken út de eagen fan in man hawwe op it plattelân op jongfamme gesichten in kidelige útwurking; se streake mei de hân oer har gesicht, as hie Gabriël it rôzich oerflak ek werklik irritant mei de hân oanrakke, en de frijmoedichheid fan har dwaan dêrfoar waard tagelyk werombrocht ta in lottere faze fan harsels. Lykwols wie it de man dy't in kaam skeat, de jonge frou helendal net.

'Ik haw in hoed fûn,' sei Oak.

'Dy is fan mij,' sei se, en út in besef fan hoe't it hearde hold se de oanstriid om echt te laitsjen yn ta in fyn glimke: 'dy is mij fannacht fan de holle flein.'

'Ien oere fan 'e moarn?'

'Ja – dat is sa.' Se wie ferbaasd. 'Hoe witte jo dat?' sei se.

'Ik wie dêr ek.'

'Jo binne boer Oak, is 't net sa?'

'Dat, of sokssawat. Ik wenje hjir noch net sa lang.'

'In grutte pleats?' woe se witte, en se seach om har hinne, en skodde har hier nei achteren, dat yn de beskade holten fan dy massa swart wie. Mar omdat it no in oere nei sinne-opgong wie, roerden de sinnestrielen de útstekkende lokken oan mei in eigen kleur.

'Nee; net grut. Sa'n hûndert.' (De pleatslike bewenners litte yn it praat oer pleatsen it wurd 'eker' wei).

'Dy hoed hie 'k fan 'e moarn ferlet fan,' sei se dêrachteroan. 'Ik moast nei Tewnell Mill.'

'Ja, dat is sa.'

'Hoe witte jo dat dan?'

'Ik ha jo sjoen.'

'Wêr dan?' frege se, en in fermoeden liet elke spier yn har gesicht en lichem bestjurje.

'Hjirre – doe't jo helendal nei ûnderen tusken de beammen troch rieden,' sei boer Oak, mei in bûtengewoan betsjuttingsfolle útdrukking op syn gesicht oangeande in foarfal dêr't er oan stie te tinken, wylst er nei in fier punt yn de al neamde rjuchting stie te stoarjen, en dêrnei syn peteargenoat wer oanseach.

As wie er betrape op diverij loek er ynienen hommels syn eagen fan har ôf bij it besef fan wat er sein hie. De herinnering oan dy nuvere

meneuvels dêr't se har bij it riden tusken de beammen troch oan oerjûn hie, waard bij it famke folge troch in hartkloppjende nytligens, en dat wer troch in gleon gesicht. Doe koe men in frou kleurjen sjen dy't yn de regel net sa gau in kleur krige; der wie gjin inkeld stikje fan de melkster dat net djip donkerread waard. It gesicht fan Oak syn selskip waard yn fluch tempo fan ljochtread donkerpears, troch alle skakearingen hinne. Ut fyngefoelichheid seach er de oare kant mar út.

Dy meifjillende man stie noch altyd de oare kant út te sjen, en frege him ôf wannear't se genôch ôfkuolle wêze soe om te rjuchtfeardigjen dat se him wer oansjen koe. Hij hearde wat dat op it fuortflitterjen like fan in dea bledsje op in sigentsje, en seach. Seach, dat se fuort wie. Mei in hâlding tusken dy fan in trageedzje en in komeedzje yn teach Gabriël wer oan it wurk.

Der wienen no fiif moarntiden en jûnen foarbijgjen. De jonge frou kaam geregeld om de sûne ko te melken of om de sike te fersoargjen, mar stie harsels noait ta om har eagen yn de rjuchting fan de persoan fan Oak ôfdwale te litten. Syn tekoart oan takt hie har djip beledige – net trochdat er sjoen hie wat er net helpe koe, mar troch har witte te litten dat er it sjoen hie. Want, sa't der sûnder wet gjin sûnde is, sa is der sûnder eagen gjin ûnfoechsumens; en se like it gefoel te hawwen dat sûnder har eigen stilswijend goedfinen Gabriël syn bespionearen har ta in ûnfoechsume frou makke hie. Dat wie in saak dêr't er slim spyt fan hie; it wie ek in tsjinslach dy't latinte waarme gefoelens oanwakkere dy't er yn dy rjuchting fjild hie.

Se hienen elkoar lykwols njonkelytsen ferjitte kinnen, as der dyselde wike net wat foarfallen wie. It wie op in middei begûn te friezen en de froast wie de jûns begûn ta te knipen, hieltyd fûler, as in temûk oanskuorren fan rimen. It wie in tiid dat yn de lytse húskes de siken fan de sliepers op de lekkens fêstfrieze; dat yn de wenkeamer fan in hearehûs mei tsjokke muorren de rêgen fan de minsken om it fjoer hinne kâld binne, sels wylst har gesichten helendal gloeie. Mannich fûgeltsje is doe dy nachts sûnder iten tusken de keale tûken op bêd gongen.

Doe't it hast melkerstiid wie hold Gabriël op de wenstige manier de koweskuorre yn it fizier. Op it lêst fjilde er him kâld wurden en hij struide in ekstra poarsje strie om de ienjierrige eien hinne en gong doe de hut yn. Hij stoppe noch wat mear branje yn it kacheltsje. De wyn siigde ûnder de doar troch en om dat te kearen lei er dêr in sek foar en treau er it hokje wat mear nei it suden ta. Mar doe blaasde de wyn troch in fentilaasjegat hinne – dêr wie oan elke kant fan it hokje ien fan. Gabriël hie altyd al witten dat, as der in fjoer brânde en de doar